

It Beaken yn 2018

De ynhelslach wat it ferskinen fan nûmers fan *It Beaken* oanbelanget, is noch altiten oan 'e gong. De redaksje hie dit earste nûmer fan 'e jubileumjiERGONG 80 2018 – de Fryske Akademy waard oprjochte yn 1938 en sûnt bestiet *It Beaken* ek al! – nammentlik graach earder útkomme litte wollen. Nije, ûnfoarsjoene, tûkelteammen kearden dat spitigernôch op. Wy hâlde lykwols hoek, en hoopje, dat it nûmer hjirnei (in literatuer-special) ynkoarten ek ferskine kin.

Yn dit nûmer

Dizze ôflevering fan *It Beaken* iepenet mei in taalkundich artikel fan prof. dr. Jarich Hoekstra fan Kiel (D.). It earste part fan 'e titel fan it stik is 'De nije molke farsc ind fris, sa as se fenne kou komd is' en it giet oer, sa't it twadde part fan 'e titel seit, it 'Pronominaal slachte by stoffen yn it (âldere) Nijfrysk'.

Yn it twadde artikel bringt âld-*Beaken*redakteur prof. dr. Ferenc Postma fan Venlo nijsgjirrigge saken by oangeande de neilittenskip fan 'e yn 1658 te Frjentsjer (jong)ferstoarne Hongaarske studint János N. Szepi. De folsleine titel fan Postma syn (Dútsktalich) artikel is: 'Das Testament des verstorbenen ungarischen Studenten Johannes/ János N. Szepi (Franecker, den 28. April 1658) und die erfreuliche Entdeckung von etlichen Büchern aus seinem Nachlass'.

By einsluten sjocht âld-leksikograaf en -haadredakteur fan *TaalActief*, Riemer Reinsma fan Amsterdam, nochris mei wat distânsje nei de taalkar op 'e plaknammebuorden yn Fryslân fan 'e lêste desennia. Syn artikel hat as titel: 'Zorgen over cultureel erfgoed: Taalkeuze op plaatsnaamborden in Friesland: eentalig Fries, tweetalig (FN, NF) of eentalig Nederlands?'

De redaksje